



2020 / Z280749-2020

AMENDEMINT

Art. 48 RfO

Agindapunt: 5 (Ontwerp-Agenda voor het Waddengebied 2050)

Underwerp: **Winsken en betinkingen (Energjyörgong)**

De ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn gearkomste byinoar op tongersdei 24 septimber 2020 beslút de folgjende winsken en betinkingen kenber te meitsjen oer de ûntwerp-Aginda foar it Waadgebiet 2050:

- De energjyörgong en iepen lânskip ha in wichtich haadstik yn dizze aginda. Ek leit it aksint op klusterjen fan wynmûnen. De gemeente Noardeast-Fryslân hat har op it mêd fan de energjyörgong maksimaal ynspand, troch dit jier (2020) in bydrage oan de Fryske RES-opjefte te leverjen. Sawol it koalysjeakkoart (2019 -2022) fan Noardeast-Fryslân as it provinsjale bestjoersakkoart (2019 -2023) biede gjin romte foar nije solitêre wynmûnen en nije sinneparken op kostbere klaaigrûn.

Taljochting:

- De energjyörgong is foar Noardeast-Fryslân in wichtige opjefte (2030-2050).
- Ek leit yn dizze aginda it aksint op klusterjen fan wynmûnen.
- Sawol op gemeentelik as provinsjaal nivo is hjir gjin bestjoerlik draachflak foar.
- De energjyopjefte dy't de gemeente Noardeast-Fryslân oan de Fryske RES-oanpak ferliend hat, moat hjir dúdlik en liedend yn wêze.
- De kostbere klaaigrûn moat net foar nije wynmûnen en sinneparken brûkt wurde.

Yntsjinne troch: B. Koonstra (FNP), VVD

Stimming	Foar: FNP, VVD, CU en CDA = 15	Tsjin: ELP, ALL, PvdA, GBNF, SIN, GROEN nof = 10
Amendement oannommen		

Sa besletten troch de ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn syn iepenbiere gearkomste fan 24-9-2020

De ried niisneamd,
de griffier,

de foarsitter,

mr. S.K. Dijkstra

mr. J.G. Kramer